

# NIJSBRIEF JUNY '19

BOEREN EN NEISOARGERS

## RÛNOM PIKEN

Minder nêsten, mar folle mear piken. De twadde alarmtelling lit hearre dat mear as 70 % fan de pearkes noch piken hat, foarich jier wie dit minder dan 50 %. Ek sjoch we in soad pearkes mei mear as ien pyk. No moat we mei syn allen sjen as we se de kommende twa wiken troch helpe kinne.



## ALLE STIPPEN STEAN DER YN

Elts jier meitsje we nije slagen, dit jier ha alle stippen der 'real time' yn stien. Sa kin elke boer en neisoarger fuort sjen hoe't der foar stiet. Wy gean der as Fûgelwacht ek steeds mear fanút dat elk hjir gebrûk fan makket!

## FRAGEN?

[info@vogelwachtwommels.nl](mailto:info@vogelwachtwommels.nl)

## NEISOARCH BORREL

28 juny, 20.00 oere  
op'e pleats fan  
leanbedriuw Romke  
de Jong



## STRÂNLJIPPEN LET

Sûnt begjin juny fine we noch folop strânljippen dy oan de lech binne. Pas yn de tredde wike fan juny komme de measten út, pas healwei july kin se fleane. By strânljippe boer Bakker yn de Súdhoeke tikte de teller mei nêsten de tsien oan. Wol jim goed op de piken pasje?

## NEISOARCHBORREL

Taheakke oan dizze mail sit ek de útnoeging foar de neisoarchborrel foar neisoargers en boeren. Opjaan ferplicht by [info@vogelwachtwommels.nl](mailto:info@vogelwachtwommels.nl)

## STIENMURD OAN'T WURK

Rûn lens, Wammert misten wy en ek fûgelwacht Winsum in protte nêsten. It fermoeden wie dat it wurk fan de stienmurd wie. Begjin juny die bliken dat dit ek wol klopte. By soarchboerderij Wester wie de stank net mear te hurdzjen, nei dat se de earste platen fan de stâl iepenhellen wisten se net wat se seagen. Oer de hiele lengte wie alle isolaasje fountfretten, it lei der fol mei de kadavers fan eienen, skriezen, strânljippen, hinnen, en noch folle mear.

Binnen yn de stal gong it noch fjirder, stront heech opstapele, wat in stank! Understeand in foto fan in strânljip, dy we sûnder kop ûnder de motorkap fan in auto fûn ha dêr yn de buert



## SWELTSJES?

Ek dit wol we  
graach witte!